

It is mei sizzen net te dwaan

Foarste Fryske preek bûten Fryslân, hâlden op 'e Friezedei fan it Bûn fan Fryske Selskippen bûten Fryslân, de twadde fan rispmoanne 2014, yn 'e Frânske tsjerke te Utert, troch ds. Sjoerd Wartena, rêstend Minniste domeny te Lochum.

*Bruorren en susters! Lânslju!*

Wy, wy litte ús taal net farre,  
Lit se mannich hert ek kâld.  
Fryske klanken, Fryske sprake  
Hawwe yn 't Fryske hert har hâld.

Langer al as 20 ieuwen  
Hat it Fryske folts bestien,  
Hat it fan syn leed en wille  
Yn dy klanken útring dien.

Nee! wy litte ús taal net farre, 'ôfprint fan de geast der âffaars, fan har eabele frijdomssin!' Ja, dat ek, mar dochs net minder fan har nommele en fromme sin. Affaars dy't foar gjin minsken knibbelen, mar allinnich knibbelen foar *God*.

Yn dy klanken fan ús taal dienen hja utering, fan wat der yn harren omgyng, fan leed en wille, fan har djipste fielen en tinzen, utering tsjinoer minsken mar ek utering tsjinoer God. Sa dogge wy op dizze sneintemoarn foar en mei elkoarren, tsjinoer ús Heit yn 'e himel, yn ús *Gebet*.  
Kom dan! hannen gear en eagen ticht!

It Bibelwurd dat ik fan 'e moarn jerne mei jimme besprekke wol, is te finen yn it *tredde Evangeelje nei Lukas. Haadstik 6 fers 46*.

**'En wat neame jimme my 'Heare! Heare!' en dogge net itjinge ik jimme sis.'**

Grif bin ik net fier mis, wannear't ik oannim dat fierwei de measten fan jimme it yn de lêste jierren sa yn âlderwetske styl fernijde provinsjehûs te Ljouwert wol kenne en de swide seale fan gearkomste fan Fryslâns Steaten wol ris besjoen hawwe. No, dan wite sokken ek wol, dat der yn it foarhûs, yn de kofjekeamer, mar benammen yn 'e gearkomsteseale, wize wurden - spreuken sizze wy ornaris - yn 'e muorren te lêzen steane. Ien dêrfan, dy't betwisken in pear oare, flak tsjin de foarsittersstoel oer yn 'e muorre oanbrocht is, woe 'k hjir efkes yn 't each falle litte. Dêr stiet: '*It is mei sizzen net te dwaan.*'

Dat is in spreuk dy't men sikersonk wol mei alle rjocht neame mei, de utering fan de Fryske sin. Dat is wier. Mar dochs net allinne Frysk, wol? De Friezen hawwe it net sels sa betocht. Ik neam de namme fan in man, dy't al in foech 2600 jier lyn ferstoarn is. Ik mien de profet Jesaja, dy't - dêr kinne jo dryst op oan - yn dy spreuk yn 'e Steateseal te Ljouwert, himsels weromfine soe. Want seit er net, hoe't de Heare neat op hat mei uterlik fertaan? 'De offers mei er net, oan de rook hat er in wjeraksel,' ensf. Wat Hy easket fan syn folts is dit: 'Waskje jimme en meitsje jimme skjîn. Fuort! Ut myn eagen mei ûndogense dingen. Mei 't kweadwaan moat it út wêze. Doch jimme bêst om goed te dwaan en sykje nei binlikens. Stypje sokken dy't yn 't leech fierd binne, kom op foar de wezen, pleitsje foar de widdowen. Kom op dan en lit ús meiinoar rjochtsje seit de Hear, want al wienen jimme sûnden as skarlekken, hja sille wyt wurde as snie, en al wienen se sa read as poarper, hja sille krekt wurde as wite wolle.'

No fiele jimme my wol, oars, net? Dêr woe ik hinne, om jimme sjen te litten, dat it Alde Testamint der sa al oer tocht en fierders dat ús eigen godstsjinst, te witten de kristlike, datselde paad lâns wol, wat dúdlik blykt út itjinge ik jimme nyskes as myn tekst oanjûn haw, dizze wurden: '*En wat neame jimme my 'Heare! Heare!' en dogge net itjinge ik jimme sis.*'

Yn Mattéus stiet itselde, mar dan wat mear útarbeide. Dêr seit Jezus: Net eltsenien dy't my 'Heare!

Heare!' neamt sil yn it himelsk keninkryk yngean, mar wol hy dy't docht wat him fan myn Heit dy't yn 'e himel is, hjitten wurdt. En krêftiger klinkt it dan út Jezus' mûle: In hopen sille dy deis tsjin my sizze: 'Heare! Heare! Hawwe wy net yn jo namme profetearre, gjin duvels ferballe en net folle krêften dien?' Mar dan sil ik harren flak foar de holle sizze: 'Ik haw jimme nea net kend, meitsje dat jimme hjirwei komme, jimme dy't it ûnrjocht dogge.'

Bruorren en susters! Begjinne jimme der no sa linkendewei efter te kommen dat ús lyts en behindich tekstwurd ús dochs grutte en ernstige dingen te sizzen hat?

It is nommen út 'e Berchrede, dy't yn it grut oer trije kapittels (5-7) by Mattéus te lêzen is. By Lukas is 't wat oars en tige ferkoarte, wylst dizze net sa as Mattéus sprekt fan in klinge, mar fan in delle.

Us tekst stiet dêr - en krekt sa ek by Mattéus - twisken twa byldspraken ynsluten. De foarste, dy't oan ús tekst foarôfgiet is dy fan in beam dy't men oan syn fruchten kenne moat, om't men fan toarnen gjin figen plôket en fan toarnstrûken gjin druven rispet.

It hinget fan de moaie bloeisels en blêden net ôf, mar wol fan de fruchten; net op it sizzen, mar op it dwaan komt it oan. Lykwols smite wy it sizzen net wei, foaral en beleaven net! Sûnder de bloeisels en blêden kin it net gean, doch hja binne it wyt net, doch allinnich mar de middels dêrta. It wyt, dat binne de fruchten en in goed minske bringt dy goede frucht fuort út de goede skat fan syn hert en in kwea minske de kweade frucht út de kweade skat dy't hy yn him hat. Want dêr't it hert fol fan is, rint ommers de mûle fan oer.

De oarde byldspraak sprekt fan in hûs dat opboud is op in stienrots, dat net ferwege wurdt en gjin belies jout, hoe't de stoarmen bylje, de stjelprein dertsjin delflapt, hoe't de rôljende wetterweagen dertsjinoan bûtse. (Lukas 6: 48, 49.)

Al dizze skriftwurden roppe it ús ta, dat de dregens fan ús gelove dan earst blykt, wannear't de stoarmwyn fan nearens en rouwe op eigen skoarstien bolderet, de touwerfleagen fan 't sûndeferlied om ús hinne woedzje, de hege tommelweagen fan need en eangstme ús rou en grou bedriigje. Dan sil it bliken dwaan, oft it hûs fan ús gelove, ús godstsjinst op drege grûnslaggen boud is, ja of nee. Dan sille wy hifkje kinne, dat it mei dat hûs, krektlyk as mei elts oar gebou, net oankomt op uterlik moai fan grutte glinsterjende spegelruten of lytse yn lead besletten kleurde rûtsjes, mar op de grûnslaggen dy't it drage, de pylders dy't it skoarje moatte.

Al dizze bylden, tekeningen en tinzen, hja kinne, om sa mar te sizzen gearreaun wurde yn dat iene wize wurd, yn 'e gearkomsteseale fan Fryslâns Steaten te Ljouwert. 'It is mei sizzen net te dwaan.' Mar jitte mear yn dat fan Jesaia fan foar 2600 jier, dat ik nyskes oanhelle en sikersonk, sikersonk sis ik jimme, sa ynmoai en swiid beljochte, sa breed en djip opfette as nearne oars, yn ús tekstwurd: 'En wat neame jimme my 'Heare, Heare', en dogge net itjinge ik sis.'

Oer dit wurd fan Jezus yn syn betekenisse woe 'k jitte ien en oar sizze, en dêrnei beânderje, wat Jezus easket dat wy dwaan sille. Wat soe it al in stik better yn 'e wrâld wêze, as alle minsken dy't Him yn harsels of lûdop Heare neame, ek dienen itjinge Hy seit. In foarbyld sjoch ik yn it fergean fan dy grutte stomboat, de Titanic, en dy't ús allegearre jitte wol yn 't oantinken leit, al is 't alwer in skoft lyn, en is letter jitte folle mear fan soks bard.

Dy boat kaam út in lân dêr't it 'Heare' roppen ta de lânsleden beheart, ik bedoel, dêr't it uterlike fan godstsjinst tige yn acht nommen wurdt, mar wat net ferhoede dat, en foaral yn dy lagen, dêr't it Heare roppen yn 't uterlike jamk it lûdst klinkt - yndertiid de oarloch oanbûn waard om it goud fan Transvaal.

Hienen dy lju, wa't dat skip mei oangyng, ris wat mear harke nei wat Jezus sei en dat yn tapassing brocht, by 't soargjen foar de feiligens fan de grutte smite reizgers, by 't oanwizen fan de koers en 't fêststellen mei hoe'n faasje der fearn wurde mocht, dan wie it dêr by dy iisberch net sa godsjammerlik tagien. As de godlike lyksang 'Neier ta Dy o God!', dy't spile waard op it sinkende skip, yndied mear as wurden west hie by dyjinge, yn waans hannen it reemeitsjen fan it skip wie, wat sizze wol, as dy lju doe net frege hienen, wat bringt ús de measte Ingelske pûnen yn de pong, mar rekkening hâlden hienen mei it dwaan fan wat Hy seit dy't se 'Heare' neame, ik leau foarfêst dat in grouwelik ûngelok, as no, net bard wie.

Al is 't mar sa, dat der ûngelokken binne, dy't de bêste minske net ferhoedzje kin, 't is krekt sa wier,

dat hiel wat útbliuwe soenen, as alle *al* en *net* Heare roppende minsken en foltsen der har mear op taleinen, om te dwaan wat Hy seit. Ik tink hjir ek oan de grutte moardenarijen dy't men oarloch neamt.

Jezus easket fan syn learlingen *mear* as wurden, sa't it wize wurd yn de seale te Ljouwert it ús ek betsjut. 'It is mei sizzen net te dwaan.'

Dat hat Jezus op oare plakken, as yn ús tekst, ek dúdlik genôch sein. As wy ris ernstich tinke oan itjinge wy binne en wat wy wêze koenen en wêze moasten, giet it ús dan net troch ieren en sinen, wannear't wy it wurd fersteane wat Hy ris tsjin syn learlingen sei: 'As jimme leafde ûnder inoar hawwe, dan sil men dêroan merkbite kinne, dat jimme myn learlingen binne'; en dat wie net allinne syn *sizzen*, mar Hy hie harren dêr krekt fan te foaren blyk fan jûn, doe't Er oan harren it leechste feintewurk die en ien foar ien de fuotten wosk. Jitte sei Er dêroer hinne: 'Want ik haw jimme dit ta'n eksimpel jûn, om jimme dêrtroch oan 't ferstân te bringen, dat itjinge ik doch, jimme ek dwaan moatte.'

Tink oan de likenisse fan de ûndogense boeren dy't wy yn de trije foarste Evangeeljes fine. Dy boeren moasten fan har rispinge út de wyngerd opbringe, d.i. dus goede dieden sjen litte, mar doe't se dat perfoars net dwaan woenen en der leaver mei de stompe bile op ynhouden om te moardzjen, doe waarden se op ûngenedige wize fan kant holpen en de wyngerd waard oan oare boeren ferhierd, dy't de lânhearre op 'e tiid betellen. Jezus wol hjirmei sizze: 'As hja alle dagen al moai mei him omflaaije, lânhearre foar en nei, dat jout neat. Der moatte dieden komme, op beteljen komt it oan'. Hear mar! hoe hiel oars it tagiet mei sokken, dy't echte fruchten fan har gelove sjen litte. Sokken dy't goed dien hawwe yn har libben. En goed yn syn heechste utering: de leafde! Dy dus leafde toanden oan dyjinge wa't har stipe nedich hienen. Dy't de hungerigen iten, de toarstigen drinken, oan de frjemden in hinnekomen joegen ensf. Sokken sille it sillich wurd fernimme: Kom harren, jimme seinen fan myn Heit, beërvje it keninkryk dat jimme tatocht is fan de grûnlizzinge fan de wrâld.

No hear ik al roppen - mar ik eangje in bytsje dat wy mekoarren dan net fersteane - 'Dat hawwe jo goed sein. Goed libje en elts sines jaan, dat is godstsjinst, dêrmei komme wy der wol. Mei al dat oare hawwe wy neat te ferstriken.'

Mar, myn leave minsken, wa't him sa uterje mocht, dy hat my op gjin fuotten of fiemen nei ferstien, want fan soks haw ik neat sein. Ik soe dan tsjin myn hillichste oertsjûging sprutsen hawwe.

Myn achte broer, myn leave suster! Wat is yn jimme each 'goed libje'? Bygelyks *jins* libben?

Tochten jo miskien dat soks in leech by de grûnske, boargerlike bravens is, dy't derop rommet om elts sines te jaan? Och leave sei, as dat sa wie, dan koe it al mei in bedroefd lyts kromke ta. Of jitte better sein: wat is dan goed? Witte jo dan net dat nimmen minder as Jezus sels, op twa ferskate plakken yn it Evangeelje en tsjin twa ûnderskieden minsken, dy't him mei 'Goede Master' oansprieke, ferklearre hat, dat hy foar himsels dat wurd 'goede' net opeaske, der sels net fan wite woe. Ornearren jo dat in minske it mei syn gewisse oer dat 'goed libjen' it ringen klear spylje koe? Fetsje jo dan net dat der mei dat goed libjen hiel wat oars en hegers easke wurdt, dat sûnder stipe fan hegere krêft jo wol ris danich ôffalle koe? Wat neamsto my goed? Nimmen is goed as allinne ien, seit Jezus, te sizzen God! Wat sizze jo dêrfan? jo sûndich minske?

Stil ris efkes! Klinkt yn jimme siele dan no net de bea fan de tolgarder, dy't fan fierrens stoe mei de holle foardel en himsels op 't boarst sloech, doe't hy bea: 'God, wês my sûnder genedich!'

En wêr bliuwe jo no, by it beharkjen fan eigen konsjinsje, mei jins 'elts sines jaan', as jo dy fraach beânderje, net mei it each op wat jo foar josels leafst wolle, mar op itjinge jo oplein wurdt mei 't each op de rjochten en belangen fan 'e mienskip, dy't bestiet - as jo sels binne - út bern fan God. Begryp ris oan! As Jezus en de ealste, heechststeande woldwaners fan it minskdom, oars neat dien hienen, as wat jo neame 'elts sines jaan', dan soe dat al in bedroefd bytsje west hawwe. Sokken soenen wy dan allegearre allang fergetten hawwe, yn 't omtinken wienen se foar ús al glêd weiwurden.

Ommers, elts sines jaan, dat is krekt sa'n bedroefd bytsje foar in oar te dwaan of te jaan, as it mar efkes lije kin, dat is krekt safolle as neat. Wa't dat 'goed libjen' neame mei, ik neam it in sûndich bestean. De driuwkrêft ta it echte goede ûntbrekt dêroan. Der is gjin benzine yn 'e motor om boppe

de opperflakkigens fan it libben foar jinsels út te fleanen, sa't Jezus en de ealsten fan 't minskeslachte, dat allegearre dien hawwe. Want wittens, miskien in inkele kear ûnwittens, wurde sokken dreaun troch it fêst gelove oan God en oan de plicht harren oplein troch ús Heit yn 'e himel, om Syn wil te dwaan en Jezus te folgjen. Sikersonk net troch 'Heare! Heare!' roppen komme hja ta har wyt, mar wol troch it útfieren fan wat Hy easket. En ik tink wer oan ús tekstwurd.

Mar alle dwaan is dêrom net jit suver spul, hoe moai't it ek fan bûten liket. Wat foar it each fan 'e minsken dien wurdt, hat syn lean ferlern. Ik soe sizze, it is mar *sabeare* dwaan wat Jezus seit, it komt net út 'e suvere wel op. Nee, wierliken net, it is net alles goud wat der blinkt, it is net alles leafde, net alles frucht wat fan bûten dêrop liket.

It kin ek barre dat it gelove mar in kromke fan de fereaske dieden bringt en dan leit dat faken dêroan, dat it gelove der wol is, mar syn gerak net krijt. Al is de beam sa geef as kryt, dochs komme der wol tiden, dat it mei de frucht net rjocht flotsje wol. Wat hawwe dy bloeisels en fruchten troch te stean fan it waar! Sa it gelove fan de wrâld, wêryn't it him warre moat en jamk ferkomt, omdat it tsjin de wredens, de kjeld en de hjittens fan 'e wrâld net opwoeksen is. It is dêrom oan te rieden dy beam en sa ek dus it gelove sa krêftich te meitsjen as it kin. Dat de fruchten net better wolle, leit ek wol ris oan de túntsjer, dy't de beam net goed fersoarge, dy't de weelderichste tûken net besnoeide, it deade hout net útsnie en de grûn net op tiid bedonge. De beam mei dan sa bêst wêze as jo mar tinke doare, mei de frucht sil it lykwols danich tsjinfalle. Rekkenje hjir mar fêst op, de goede fruchten fan in goede beam, dy komme net fansels. Dêr moat wat foar dien wurde. Hjir jildt it ek: it is mei sizzen net te dwaan. As foar de beam, moatte wy soargje foar it gelove, it moat krêftiger makke wurde. Besnoeid wurde moat it troch it ferstânsmes, oars rint it út op dweperij. It deade hout moat derút snien mei it mes fan foarútgong, oars rekket it efter de tiid. Bedongjen is nedich, as it syn ynfloed en krêft en pit net kwytretsjje sil. It is sa mei alles, as der gjin hout is, giet it fjoer út, sa't de Spreukedichter seit. Wy fiele no wol, dat út de frucht, út it dwaan, dat opwâlet út de suvere welle fan it hert, it sjoen wurde moat, oft de beam fan it gelove wol sûn en geef, wol sûnder wryt of slyt is.

Dat wist Jakobus ek wol, doe't er yn syn brief skreau: As jimme broer of suster neaken rinne en krapte hawwe fan deistich iten, watfoar goed soenen jimme dan dwaan troch allinne te sizzen:

'Gean hinne yn frede. Waarmje jimme en wurd sêd' en fierders neat mear dienen? Sa is 't mei it gelove ek dat de wurken net hat: dat is by himsels dea. Der moat wat dien, wat jûn wurde.

No easket de wrâld, dy't mient dat se it bêst sûnder gelove stelle kin, dat de minsken dy't it gelove hawwe nei har eigen oardiel, dat ek yn 't libben bewize sille. En dêr hat de wrâld gelyk oan, al die se better om ris te tinken oan de splinter en de balke.

Mar de wrâld hat it oars by 't rjochte ein. Wy dy't ús it 'Heare' roppen net skamje, d.w.s. it foar de godstsjinst, as it heechste yn it libben opnimme, wy moatte earbied ôftwinge, troch suvere leafde, oprjochtens, seedlikens en frommens. Men moat it oan ús fernimme kinne, dat it gelove yn ús in libbenskrêft is, wêrtroch't wy krêftiger binne, om te dwaan itjinge God ús yn ús konsjinsje opleit, mar wêrom't ek mear fan ús easke wurdt. Hjiryn ek krêftiger as it oankomt op fromme berêstinge yn de swierrigens fan it libben, en mei de bea fan Gethsemané op de lippen: 'Heit! as it wêze mei, lit dizze tsjelke oan my foarbygean, mar net sa't ik wol, doch liken as Do it wolste! Krêftiger ek troch de holle omheech, en it herte nei boppe te hifkjen, as it der swier om ta giet. Sikerwier wy wite it allegear wol - al soe men dat jamk net oan folle minsken sizze, - dat it him net sit yn it tsjerkgean, yn it bidden, yn 't sjongen fan Psalmen of in oar godstsjinstich liet. Likemin skûlet it yn 't lyts of grut doopt wurden, yn 't oansluten by in tsjerke of in gemeente, yn 't oansitten by it nachtmiel. Mar it is krekt oft ek in hopen miene dat it him sit, yn 't neilitten fan al dy dingen dy't ús gelove stypje en ferealje kinne.

Dy't sa tinke, ferjitte wat wy niis de Spreukedichter sizzen hearden: 'As der gjin hout is, giet it fjoer út.' Dat murken de ûnberekkene fammen út 'e likenis ek. Doe't it mei har oalje te krap omkaam, gongen har lampen út.

Hjir sis ik jitris it wurd fan Jezus: En wat neame jimme my 'Heare! Heare!' en dogge net itjinge ik jimme sis. Lit ús it lêste dêrfan dwaan en it foarste net neilitte!

Wannear't wy inoaren no goed ferstien hawwe, dan wurdt it tiid, om ris koartwei te freegjen: 'Wat

wol Jezus dat wy dwaan sille?’ Sa hjir en dêr hawwe wy al fan fierrens dy fraach beändere, sa bygelyks mei ’t fuotwaskjen troch Jezus oan syn freonen ferrjochte, en doe’t wy de âlde profet Jesaia oanhellen, wylst in wurd út de Berchrede ús foaral en beleaven net loslit, by ’t neitinken fan itjinge Jezus fan ús easket, dat is te sizzen, wat ús te dwaan stiet tsjinoer God en de minsken, om sa te libjen, dat wy nei syn begryp ynwier bern fan ús Himmelheit neamd wurde meie. Ik tink oan wat sein wurdt yn ’e Berchrede: ‘Alles no wat jimme wolle dat de minsken jimme dogge, dogge jimme harren krekt en allyk, want dat is de wet en de profeten.’

Dat wurd út ’e Steateseal te Ljouwert: ‘It is mei sizzen net te dwaan’ komt ús út de Bibel slach op slach temjitte. Sûzet it ús net as harpe-mesyk yn ’e earen, dat moaie wurd fan Jezus, sa moai en sa djip: ‘Wa’t jimme oannimt, nimt my oan, en wa’t my oannimt, nimt Him oan, dy’t my stjoerd hat. En wa’t ien fan dizze lytsen allinne mar in swolch wetter te drinken jout, sikersonk! sis ik jimme, hy sil syn lean net kwyt reitsje.

Sa moatte wy dwaan. Wat wy troch ús leauwen oan God en ivichheid ferkrige hawwe boppe it deistige: ‘Wat sille wy ite?’ ‘Wat sille wy drinke?’ ‘Wêrmei sille wy ús klaaie?’ ‘Wêrmei pronkje?’ ‘Wêrmei oaren in stikel stekke?’ ‘Us macht fiele litte, of har deltraapje?’ ‘Wêrmei ússels ferrykje, ús fermeitsje?’ ensf. Ik sis, wat wy dêrboppe krige hawwe, moat de wrâld oan ús libben merkbite kinne. Dêrmei moatte wy arbeidzje, rûnom, wêr’t God ús ropt, ús meiminsken temjitte komme, fertreastgje, opfleurje, stypje yn need en heger opfiere ta God, safolle as wy mar kinne, harren yndied lokkiger meitsje.

Wa’t seine wurde wol, moat sels seinje kinne en wolle. God leavje boppe alles, krekt sa’t Jezus andere, doe’t him frege waard, wat it grutte gebod yn ’e wet wie. ‘Do silst’ - sei Jezus - ‘de Hear dyn God leavje mei hiel dyn herte, mei hiel dyn siele en mei hiel dyn ferstân, dat is it foarste en it grutte gebod. It oarde dêroan allyk: Do silst dyn neiste leavje as dysels. Oan dy twa geboaden hinget de hiele wet en de profeten.’ Dat wisten de âlde Joaden ek al dealske skoan, want har foarmannen hienen dy twa geboadens al lang foar Jezus delskreaun; se stienen ommers yn ’e skriften fan it Alde Testamint en Jezus helle se oan al wisten dy skriuwers net dat dy twa geboaden sa nei oaninoar besibbe wienen, liken as Jezus dat learde.

Mar der is jitte in wurd, dat ik by ’t betinken fan ien en oar net kwyt wurde kin. It stiet yn ’e miene brieven fan Johannes en it sprekt sa lûd fan ‘dwaan is in ding’. Ik mien dit: ‘As immen seit: Ik leavje God, mar hy hatet syn broer, dan is sa immen ûnwier; want as er syn broer dy’t er sjoen hat net leavet, hoe sil sok ien God, dy’t er net sjoen hat, leavje?’ Ik soe jitte wol mear bibelteksten nei foaren bringe kinne, mar it kin der sa wol mei gean. Wy wite it no wol klear genôch, dat wy yn ’e Bibel slach op slach en tige by tige fermoanne wurde om de útwurkinge fan ús gelove yn it libben sjen te litten. Dit wol Jezus sizze: dat al dyjinge dy’t him ‘Heare, Heare’ neame, ek dwaan sille wat hy seit; en itjinge hy seit, kinne wy wol koart gearbine, want it komt hjir allinne op del, dat wy it sâlt fan ’e ierde wêze moatte, en it ljocht dat men net sette moat ûnder in ljippensmjitte, mar op in kandler pleatse sa, dat it alle lju yn ’e hûs beskynt. Sa learde Jezus wat ik sa nyskes mei inkele wurden al oanhelle en hy liet derop folgje: ‘Sa moatte jimme ek jimme ljocht foar de minsken skine litte, dat se jimme goede wurken sjogge en jimme Heit yn ’e himel ferhearlikje.’ Sa begripe wy wol hoe’t der libbe wurde moat om ús dwaan en libben net tsjin ús gelove, ús godstsjinst, sis mar tsjin ús ‘Heare, Heare’ roppen flokke te litten.

Fan elts ding op himsels te sizzen hoe’t men yn dit of dat apart gefal hannelje moat, om wurd en died meiinoar oerien te bringen, giet fansels net oan.

De minsken hawwe har der wol op útlein om út te lizzen hoe’t men hjir en dêr en fier of hein yn sa’n of sa’n gefal dwaan moat, en se hawwe hiele boeken fol skreaun oer sedelear, wêrút wy folle leare kinne, mar it bliuwt altiten heal dien wurk. Jezus hat ús ek in sedelear neilitten troch syn wize wurden en jitte mear troch syn libben. Mar as it knypt, dan kin nimmen ús by ’t sluten fan de rekkening foarsizze hoe’t it moat. Dêrfoar moatte wy út ússels de wei kieze en te rie gean mei God, sa’t dy troch Jezus, troch oaren, troch ús eigen herte en gewisse ta ús sprekt. Sa tocht ik der krekt oer doe’t ik foar in jiermannich in treflik, út it Ingelsk fertaald boekje, lies. ‘Yn syn fuotprinten. Wat soe Jezus dwaan?’ hjit it ferfryske. Wa’t dat lêzen hat, fielt him net noflik fan binnen, al hat er gelyk dat Sheldon wol ris ferjit, dat neifolgjen net itselde is as *neidwaan*. Wat Jezus dwaan soe komt

hjirop del - tinkt my - dat Hy nea wat dwaan soe, dêr't mar in lyts rookje oan is fan ûnsuverens of fan eigenbaat. Mar Gods wollen, dêr gong it alles om! En *dan* net yn berie stean. Nee hear! Net ris probearje hoe't it foldocht, mar dwaan, *daalk*, *aanstens*, en mei krêft en fjoer, sûnder omsjen, en yn 't fêste fertrouwen, dat God ús altiten ta'n stipe wêze sil om it swierste sels te dwaan. Nammers te slimmer is it, fêst te stellen hoe't it sa en dan moat, as wy tinke, hoe't it allegearre sûnt Jezus' tiid feroare is.

*Ien* feroaret net. By Him is gjin feroaring, gjin skaad fan omkearing. 'Foar dat de bergen berne wienen en Do de ierde en de wrâld fuortbrocht hieste, ja, fan ivichheid ta ivichheid bist Do God' - sjongt de psalmist. Hy is de Heechste, de Hillichste, de Folmakke, foar Wa't wy earbiedich knibbelje. Mar wysels sjogge alles om ús hinne yn 'e wrâld oars wurden, sadat wy faken oars foar de dingen steane en sels feroarje, as wer oars fan ús easke wurdt. Jezus hat hiel wat fan itjinge wy no sjogge en wite, nea sjoen en nea witten, mar dochs leau ik, dat Hy ús krekt likegoed sizze koe, wat ús yn 'e wrâld, sa't dy no is, te dwaan stiet. Yn syn easkjen, om God te leavjen boppe alles en de neisten as jinsels, kin gjin feroaring komme! Mar jonge! jonge! wat is 't oan 'e bûtenkant oars wurden! It liket soms krekt as dat de krêften fan 'e natoer har oan de minskegeast oerjûn hawwe, dy minskegeast dy't dingen docht, dêr't de minske sels ferbûke oer stiet. De bliksem sjit út de himel del en fiert ladingen fan tinzen mei nei omlegens, syn elektrysk spoar lâns, fan wrâlddiel ta wrâlddiel. Dy tinzen stjoert er sûnder hâldfêst oan in tried, fier, fier troch de loft. Wat binne wy wat mânsk! Fan de wûnders fan de elektrisiteit soe men nea útpraat reitsje! Sjoch mar! Ien inkele hântriuw en it mealt allegear om ús hinne; wat in krêft, nut foar tûzenen! Ien fingertriuw, en út roettsjustere nacht is ljochtskynde berne. En de steam, wy wite der alles fan! Fan de sinne hawwe wy ús master makke en tsjin dy keninginne fan de dei sein: 'Do! meitsje do my ris ringen op dit gleske it byld fan dyjinge dy't my nei besteane, en de sinne die it sa, en it byld dat rint foar ús eagen, dat praat tsjin ús, sjongt ús te foaren, ek jierren nei syn dea.

En de loftskippen! en fleanmasines! Wat soe Jezus sizze as hy ris alles seach en wist wat der mei dat nije dien waard? Ik wit net, mar my tinkt, Hy soe wol ris oan de skouders lûke en sizze, dat de minsken ornaris dat nije spul fiersten en fiersten tefolle brûke yn tsjinst fan dea en ferdjer.

Wite jimme jitte dat it earste loftskip fan de Greve fan Zeppelin fertutearze en dat de Switserske skoalbern jild foar in nij loftskip sammelen en him dat tastjoerden? Dan wite jimme fêst ek wol dat dy greve it jild werom stjoerde mei it boadskip derby, dat hy dat loftskip ek wol makke hie foar de wittenskip, *mar dochs yn haadsaak om yn oarloch te tsjinjen*. Dêrom koe hy dat jild net oannimme, omdat it der fan komme koe, dat de jûne sinten brûkt wurde moasten tsjin it lân sels wêrfandinne dat jild kommen wie. 'Sa driuwt it loftskip nei it 'Zenith' fan in himel dy't read is as bloed.'

Wat tochten jimme, bruorren en susters, soe Jezus, as Er foar al dy nije dingen stie net tsjin de Heare-ropers sizze? 'Skrepe jimme mar jimme uterste bêst, dat troch al dat nije de minsken lokkiger, nommeler, frommer en better wurde, sa dat hja altiten en rûnom fol fertrouwen en gelove opsjen kinne en doare nei God, as syn bern, bern yn wa't God syn nocht en wille hawwe kin, as wêr't it Ingeleliet yn de fjilden fan Bethlehem Ephrata fan wytget: Eare oan God! Frede op ierde, Oan de minsken hat God Syn nocht.'

Sikersonk! Sikersonk sis ik jimme, dit moat der dien wurde, moarnsier, middeis en jûns let. Dan kin God syn rjochte wille hawwe oan de minsken.

Sokke minsken wêroan't de Himelheit syn nocht hawwe kin, binne dy nommele krigele mannen fan de telegraaf, dy't de needtynge om stipe foar de sinkende steamboat troch de loft stjoerden, dy't net wike woenen al kleau it wetter har boppe de knibbels, al omklamme de dea har mei syn bonkerige earmen, dy't har libben weagen om dat fan oaren te rêden. Dat wienen teminste de kristenen op de Titanic. Wat har tsjerkgelove wie, oft se uterlik sels wol ien hienen, wit ik net, mar ik wit wol dat Jezus gjin better folgelingen hân hat as just dizze mannen en har gelikens ûnder manlju en froulju. En ik wit by ûnderfining dat dy gelikens der binne. O, as wy ris yn mannige hûshâlding sjen koenen, wat soenen wy jerne folle hûsfroulju en benammen memmen in eareplak jaan ûnder dy gelikens, al dogge dy it ek sûnder dy nije útfynsels.

Mar wa't dy útfynsels ken en brûkt, moat se brûke ta seine en lok fan de wrâld, as dy mannen fan de Titanic dienen mei har telegraaf sûnder tried.

As dêr de dokter, opûntbean troch telegraaf of telefoan mei kûgelsfeart, yn de auto rydt nei it plak fan need, of de sike sêft en gau ferfierd wurdt nei it plak dêr't miskien help foar him is, dan kinne jimme der grif op oan dat Jezus wol dat mei dy nije útfynsels krekt sa dien wurde sil. *It komt*, hofolle der ek feroare is, altiten hjir wer op del: 'Leavje God boppe alles en dyn neiste as dysels.' Dat moatte wy ek betinke wannear't immen freegje mocht, wat Jezus hawwe wol dat wy dwaan sille by al dy ûnderskieden tsjerken en mieningen yn ús tiid. My tinkt Hy soe wer op itselde wize en sizze: 'Weitsje derfoar dat itjinge it heechste is, wat ik sei dat de wet en profeten is, yn alles it heechste bliuwt.'

Lit elts te rie gean mei syn gewisse, wêryn't God ûnder fjouwer eagen mei him prate kin. Want wy steane faken eltse dei wer foar in oar gefal. Mei de godstsjinst sels, sa't er yn syn wiere wêzen is, al net feroarje, krekt allike min as God sels feroaret, wat wol feroaret dat is de foarm fan ús gelove. En omdat - jammer genôch - dy foarm sa jamk oansjoen wurdt foar it gelove sels, is dêr sa'n gekreau yn 'e wrâld oer kommen.

Doe't Jezus bygelyks mei syn learlingen uterlike dingen, as it fêstjen en it bidden wat oars die of *net* die as brûkme wie by de Farizeeërs en Johannes' learlingen, doe wienen der dalik guods, dy't eangen dat it mei it gelove op in ein rinne soe, mar Jezus hie dêr gjin noed mei en spriek fan brulloftsgasten en fan nije wyn yn âlde learen sekken, en fan in lape nij lekken op in âlde jas. It iene moat tsjin it oare net flokke of it iene rekket mei it oare ferlern. Op it dwaan komt it mar oan, op de frucht dy't de beam fan it gelove draacht, as it mar suver spul is. It bart wol ris dat in moaie par ophinge wurdt oan in stikelige toarnbeam, wêrmei't de minsken dan ferrifele wurde.

Mar God kin men mei sokke moaie parren, mei skynhillige dieden oan ûndogense bedoelingen ophinge, net ferrifelje. Dêrom, 't is alles gjin goud wat der blinkt. Goede dieden moat men sjen, mar alles wat goed dwaan liket, is it dêrom jitte net. Paulus hie it by 't rjochte ein doe't er sei: alles wat net út gelove is - d.i. alles wat net suver en earlik miend en bedoeld is, is sûnde. Foar elts dy't syn gelove yn 't libben neikomt, haw ik earbied, hoefier't dat ek mei mines útinoar rint, en al kinne wy hjir net altiten útmeitsje, oft it al of net earlik miend is en de goede dieden gjin parren binne oan toarnbeammen ophinge. Want God kin net, mar wy kinne wol troch de skyn ferrifele wurde.

Mar dan moatte wy ek net freegje, wat deroan skeelt by in oar, mar by *ússels*.

Wat deroan skeelt by *ússels*?

De leafde skeelt deroan, sa as Paulus sei. Al hienen jo in gelove, mânsk om bergen út it stee te setten, dan wie it allegearre noch meiinoar neat, as jo de leafde net hienen, de leafde dy't út it gelove opwâlet, mar dy't it gelove tagelyk folmakket, dy't der krêft oan jout, in krêft, dy't wy net opslute yn ús, of binnen de muorren fan in tsjerke of tsjerkleare beskoattelje, mar dy't troch it gelove sels nei bûten dreun wurdt, om te hilligjen, te seinjen en folle goed te dwaan.

Tink no ris oan de likenis fan de meilydsume Samaritaan, ús allegearre - nei't ik ferwachtsje - wol bekend. Dy pryster en Levyt sille yn har timpelbedriuw it 'Heare, Heare' wol út 'e pin kend hawwe. Mar och Harken! wat kaam dêr in bedroefd bytsje fan terjochte doe't de bûter jilde soe. Dêr hawwe jo no krekt lju fan de soarte, dy't miene dat it mei sizzen allinne is te dwaan.

Dan wie dy Samaritaan út hiel oar hout snien! Hy hearde ta in fijannich folts, gong nei in oare tsjerke, hie in gelove dat troch dy pryster en Levyt fier weismiten waard, want dy man wie yn har eagen in ketter, en *dy* man holp wêr't syn stipe nedich wie, net heal, mar hiel, hy die wat him troch syn God yn syn gewisse oplein waard. Dy uterlik fromme pryster en Levyt hienen fan bûten, uterlik dus gelove en miskien ek wol rom genôch hope, mar de siel wie der net yn, de leafde ûntbriek, de measte fan gelove en hope. De timpelmannen tochten dat de Samaritaan de fierste wie, mar Jezus wist wol dat hy just de neiste, de foarste wie. Hy *sei* neat, mar hy *die* namstemear wat Jezus sei, al koenen dy twa mekoarren net, hienen nea, de ien de oar, sels neamen heard.

De wiere kristenen sitte soms op hiel oare plakken as dêr't men se siket. Dy Samaritaan wie no ris tige in man net fan sizzen, mar fan dwaan. Dat nimt net wei dat wy it 'Heare' roppen net hoeve wei te smiten. Wat wy foar God fiele moat him uterje, oars sit dat net djip, en niis haw ik 't al útlein, hoe't it ien it oare net misse kin. Want it 'Heare' roppen sa opfette sil ús oanfiterje, om sa te libjen, dat wy dy Hear, wa't en wat wy dêrûnder ek ferstean, mei al ús dwaan en litten, eltse oere ûnder de eagen komme doare.

Bruorren en susters, lânslju! Lit ús fan dizze godstsjinstige gearkomste wat meinimme foar hert en libben! Geane wy yn de geast efkes meiinoar nei Ljouwert, nei de Steateseal en lêze wy jitrís it wize wurd, dat dêr op de muorre stiet. Dan sizze wy - elts út himsels: 'Krekt sa! Goed sein. Dêr wolle wy fierders om tinke: 'It is mei sizzen net te dwaan'.

Amen

S. Wartena

Lochem, Haaimoanne 1914